

Mattéus 2: 1-12

1 Doe't Jezus dan kommen wie yn it Judeeske Betlehem yn 'e tiid fan kening Heroades, sjoch, dêr kamen tsjoenders út it easten yn Jeruzalem oan, 2 dy't seine: Wêr is de krektberne kening fan 'e Joaden? Wy hawwe syn stjer ommers yn it easten sjoen en binne kommen om foar him op knibbels. 3 Mar doe't kening Heroades dat hearde, rekke hy derôf en hiele Jeruzalem itselde, 4 en nei't er alle hegeprysters en wetgelearden fan it folk byinoar roppen hie, woed er fan har witte: Wêr komt de Kristus? 5 Hja seine tsjin him: Yn it Judeeske Betlehem. Sa stiet der ommers troch de profeet:

6 En do, Betlehem, lân fan Juda, bist lang de minste net ûnder de lieders fan Juda, want út dy sil de lieder wei komme, ien dy't hoeder wêze sil fan myn folk Israel.

7 Doe rôp Heroades de tsjoenders stilwei by him om harren hielendal út te kloarkjen, wannear't dy stjer skynd hie. 8 En hy stjoerde harren nei Betlehem ta mei it sizzen: Jim moatte nei jim reis sikuer útsykje hoe't it mei dat berntsje sit. En as jim dat útfûn hawwe, doch my dan berjocht, dat ik der ek hinne kin om foar him op knibbels. 9 En op dy wurden fan 'e kening setten se ôf, en sjedêr; de stjer dy't se yn it easten sjoen hiene, gie foar harren út, krekt salang dat dy oankaam en stean bleau boppe it plak dêr't it berntsje wie. 10 En doe't se de stjer dêr seagen, wiene se alhiel út 'e skroeven sa bliid. 11 En se giene nei it hûs ta en seagen it berntsje mei Marije, syn mem. En se lieten har delfalle om foar Him op knibbels. En se diene har skatkisten iepen om Him geskinken oan te bieden: goud en wijreek en mirre. 12 En yn in dream warskôge om net wer by Heroades del, giene se dêr oer in oar paad wer wei nei har eigen lân ta.

It Krystferhaal neffens Mattéus, fanâlds faak lêzen op Twadde Krystdei. It ferhaal is bekend, en de betsjutting is oer 't ginneraal dúdlik, ôfsjoen fan dy stjer. Mar dat is in riedling dat gjin inkelde oersetting foar jo oplosse kin.

in berntsje 'komt'

It 'offisjele' wurd foar it Hollânske *geboren worden* is yn it Frysk *berne wurde*. Mar dat hearre jo kwalik yn it deistich libben. Guon wolle hawwe, dat dat is omdat *berne* wilens net mear by it gongbere Frysk heart, en *geboaren* wilens al. Mar dat leau ik no wer net. Fansels, jo kinne yn 'e omgongstaal faak genôch hearre fan *geboaren*. Mar it is net om 'e nocht, dat net ien soks op in bertekaartsje sette lit. Minsken witte skoan, dat dat wurd út it Hollansk wei komt, en sa fielt it ek oan. Omdat wy alle dagen yn in twatalige sitewaasje ferkeare, is it hiel gewoan om yn 'e sprektaal wurden en útdrukkings út beide talen te brûken. Mar yn in skreaune tekst wurket soks net.

Dat hoecht yn dit gefal ek net, want der is noch in útdrukking, dy't yn 'e sprektaal hiel gewoan is, en neffens my de echte reden foarmet foar it ferdwinen fan *berne wurde*. De gewoane útdrukking om oan te jaan dat wy der in lytse wrâldboarger by krige hawwe is (*der*) *komme*, bygelyks: 'It bern is der mei de keizersnee kommen' of 'De lytse is fan 'e moarn betiid kommen'. Frjemd genôch is dy betsjutting, foarsafier't ik it besjen kin, de wurdboekmakers oant no ta ûnt-*kommen*. Mar it is gongber Frysk, dat wit ik wol. Alle kearen dat ik as domeny op kreambesite west haw, haw ik steefêst frege (as ik it noch net wist): 'Is er (of: se) thús kommen?' En alle jonge heiten en memmen begriepen dan daliks wat ik bedoelde. Dat sadwaande: *Doe't Jezus dan kommen wie ...*

tsjoenders

De wizen út it easten, of de trije keningen - se hawwe al hiel wat nammen hân. Mar neffens it orizjinele Gryksk binne it dochs echt *magoi*, dêr't ús wurd 'magiërs' ek fan ôflaat is. Mar 'magiërs' fûn ik yn it foarste plak net moai foar in oersetting, en boppedat hat it te bot in klank fan fantasy of games. Ik wit wol dat *tsjoender* in âld wurd dat jo net folle yn 'e sprektaal hearre, mar elk begrypt it, en it hat de goeie sfear: eksoatysk en net rjocht te fertrouwen - krekt sa't yn 'e Bibel tsjoenders

yn 'e regel ek gjin goeie namme hawwe en eins net yn Israel thúshearre, mar der krekt likegoed dochs wol ris foarkomme. Boppedat komme tsjoenders yn Fryske folksferhalen wol foar as minsken dy't op ien of oare manier mear kinne as in oar.

op knibbels

De wizen wolle, yn 'e measte oersettings, it berntsje *oanbidde*. Dat wurd mankearret fansels neat oan. Mar it wurd dat yn it Gryksk stiet, jout in foarm fan earbewiis oan, dy't oan goaden en oan minsken jûn waard, en dy't der benammen út bestie, dat men jin foar dy god of dy machthawwer detsakje liet: op knibbels, of meskien wol hielendal plat oer de grûn. Sa't no noch bart as minsken by de paus op besite geane, of sa't de Ingelske hartoggen moatte as der in nije kening kroane wurdt. Mar dan brûke wy net it wurd *oanbidde*. De NFBO hat dêrom keazen foar *hulde dwaan*. Mar is *op knibbels gean* net folle byldzjender? Boppedat slút dy útdrukking prachtich oan by it sprekwurdt dat in Fries allinnich foar God op knibbels giet. It *op knibbels gean* foar machthawwers, of de duvel, of God, is in tema dat faker by Mattéus foarkomt, en dat ek teologysk fan belang is.

Los fan 'e ynhâld: it wurd *gean* wurdt yn 'e Fryske sprektaal yn 'e regel weilitten as de reis oantsjut wurdt mei *om te*. Jo sizze 'It liket my better ta om dêr net hinne', ynstee fan 'It liket my better om dêr net hinne te gean'. It lêste is fansels net ferkeard, mar it earste is de gewoane útdrukking. Sadwaande dat de tsjoenders ek nei it bern ta wolle *om foar him op knibbels*. En sadwaande wurde se yn fers 12 ek warskôge *om net wer by Heroades del*. Op ien of oare manier hat dy útdrukking noch net rjocht syn paad fûn nei kursussen en soksoarte, mar it is ien fan 'e manieren om in tekst tichtby de gewoane Fryske sprektaal te hâlden.

derôf en itselde

Yn fers 3 stiet yn 'e NFBO *Doe't kening Herodes dat hearde, wie er slim fan 'e wize en hiele Jeruzalem net minder*. Ofsjoen fan in nûânse (Heroades *wie* net fan 'e wize, mar hy *rekke* fan 'e wize as jo it Gryksk sikuer besjogge) is dat bêst genôch. Mar op 'en nij kin men wol in pear fraachtekens sette by de útdrukkings dy't keazen binne. Sizze jo yn it Frysk gau dat ien *fan 'e wize* is? In folle gewoander útdrukking is neffens my: *derôf wêze*. Ik haw ien kear meimakke dat ien nei ôfrin fan in begraffenis, dy't oan dat stuit ta hieltiten rêstich en saaklik west hie, no dochs eefkes tige skrieme moast. Dy persoan sei doe tsjin my: 'Sorry domeny, mar ik bin der eefkes ôf'. Dat is presys wat it Grykske wurd hjir ek oanjout: troch it ûnferwachte nijs wurdt Heroades by wize fan sprekken trochinoar skodde, krekt sa't emoasjes of tsjinstuit jo ek út it gewoane lykwicht wei helje kinne.

En dat barde dus net allinnich mei de kening, mar mei de hiele stêd. Yn it Gryksk letterlik 'mei him', yn 'e betsjutting fan 'krekt as him'. Dat hie fansels as oersetting bêst kinnen, mar ik fûn de útdrukking *itselde* krekt wat mear oansluten by de sprektaal. Der binne fansels genôch oare mooglikheden, lykas *krekt sa*, *krekt-en-gelyk*, *likegoed*. Wat dat oanbelanget fyn ik de kar fan 'e NFBO foar *net minder* sa gelokkich net: dat brûke jo foar myn gefoel earder, as der in ûnlogysk of ûnferwachte illemint by sit: 'De VVD hat aardich ferlern by de ferkiezings, en de PvdA net minder.' De tsjinstelling tusken dy beide partijen makket no krekt net dat men ferwachtet dat se beide winne of beide ferlieze - en yn sokke sitewaasjes past de útdrukking *net minder* it bêste.

útkloarkje

Guon meilêzers hawwe my op it harspit nommen om it wurd *útkloarkje*. Ik wit wol, dat is no just wer gjin sprektaal. Mar it wurd dat Mattéus brûkt is ek gjin standert Gryksk: it is in literêr wurd dat oanjout, dat ien in saak hielendal oant op 'e boaiem útsiket. It wurd *útkloarkje* brûke jo net alle dagen, net omdat it in ûnbekend wurd is, mar omdat it in ûngewoan wurd is. Mar as de kontekst derneffens is, begrypt elk it. Dat is krekt ien fan dy dingen dy't it ûnderskied meitsje tusken taal en

dialekt: it Frysk hat foar bysûndere sitewaasjes of as jo it omtinken fan harkers of lêzers hawwe wolle, syn eigen foarried opfallende wurden en útdrukkings. Ek dy foarried meie jo oansprekke yn in oersetting as de tekst derom freget.

it skinen fan 'e stjer

Tuskentroch ien lyts punt dêr't de measte oersettings echt op 'e doele binne: de fraach fan Heroades. Hast altyd lêze jo, dat hy witte woe wannear't dy stjer *ferskynd* wie, dat wol sizze: begûn wie te skinen. Mar it Grykske partisipium jout dochs echt oan, dat de kening net freget nei in momint, mar nei in langere tiid. Hy wol dus witte, wannear't dy stjer krekt *oan it skinen* west hie. Ik kin sa gau oars gjin oersetting fine as dy fan it NBG fan 1951 dy't dat ek sa hat, mar it is neffens my de iennichste goeie oersetting.

berntsje of jonkje?

De NFBO hat hieltiten fan *jonkje* as it giet om it Krystbern. Dat is fansels hielendal neffens de sprektaal, mar oan 'e oare kant: ek yn it Gryksk is der wol in mooglikheid om oan te jaan dat in lyts bern in *jonkje* is - mar it wurdt dat hieltiid yn Mattéus stiet, lit iepen oft it om in jonkje of in famke giet. Der stiet hieltiten fan *berntsje*, en ik koe gjin reden fine om dêr yn it Frysk wat oars fan te meitsjen - ek net as út 'e kontekst al lang dúdlik is, dat it bern fansels in jonkje *is*, fanwegen de oantsjutting *kening* yn it begjin fan it ferhaal.

útfine

In útdrukking dy't foar myn gefoel noch fierste min yn it skreaune Frysk foarkomt is *útfine* yn 'e betsjutting fan it Hollânske 'erachter komen'. Yndied, 'derefter komme' of 'derefter wêze' (dat hat hjir de NFBO) mei der hiel Frysk út sjen, mar is neffens my in ynslûpsel - ek al is it dan ien fan 1864, as wy it Wurdboek fan 'e Fryske Taal leauwe meie.

blydskip

As lêste: de blydskip fan 'e tsoenders wurdt yn it Grysk mar leafst mei fjouwer wurden werjûn, dy't allegear elkoar fersterkje, letterlik sawat as 'se wiene bliid mei in tige grutte blydskip'. Dan fyn ik de NFBO mei syn *wiene se tige bliid* wol de sunige kant it neist. Jo kinne it Fryske understatement ek oerdriuwe. Men kin fansels op alle mooglike manieren oanjaan dat gewoan *bliid* of *tige bliid* net genôch is om de emoasje dy't jo omskriuwe wolle wer te jaan, en ik haw keazen foar *alhiel út 'e skroeven sa bliid*. Dêryn sit yn alle gefallen twa kear in fersterking (*alhiel* en *út 'e skroeven*), en tagelyk in soarte fan ferdûbeling fan it begryp blydskip (*út 'e skroeven* en *bliid*).